

De Sutelaksje of kroadeaksje wie ien fan de aktiviteiten van It Fryske Boek; sa'n 1700 frijwilligers ferkochten yn in perioade fan seis wiken út 'e kroade oan de doar tûzenden Fryske boeken en lûddragers.

Fryske Aginda Lekker ite mei it Bûsboekje

Al 33 jier ferskynt it *Bûsboekje*, in Frysktalige aginda foar deistich gebrûk. Sûnder ien spat subsydze wurde alle jierren 4500 eksimplaren yn 'e merk set. Mei sukses. De redaksje besiket no nije ôfnimmers oan te boarjen. Troch Gerbrich van der Meer.

Ik kaam ris in aardich fintsje tsjin in fintsje fan kwysjekwesje. Fan sûker en pipedrop wie syn kin, fan keallepoat wie syn festje. Syn noas wie fan koeke, fan noga syn hler syn eachjes (fan krintjes) dy seagen sa blier, Ik tochte: wat liket dat lekker, mar doe't ik in stik fan him priuwe woe, doe waard ik ynienen wakker!

Mei dit kostlike rymke fan Diet Huber mei as titel *It fintsje set Bûsboekje 2012* útein. In bûsboekje mei swier kinne je wol sizze. Want de redaksje hat foar in lichtfuottich tema keazen: Koekjebakkers. „Ferline jier novimber sieten wy mei de redaksje yn Drachten by Folkert de Jong“, fertelt ponghâlder Klaas Johan Osinga, yn it deistich libben beliedsadviseur by LTO-noard. „Wylst hy de hearlikste koekjes útparte, sieten wy mar te stinnen op in gaadlik tema. It lei lykwols foar ús fuotten. Doe't wy de tosk der yn set hiene, wie it klear. Mei koekjes kinne je alle kanten út!“

Krystpakket
It adresseboekje efteryn it Bûsboekje soarge der úteinlik foar dat Minke Dooper 10 jier lyn redaksjelid waard. „Doe't ik noch by de bibliteek wurke yn it bibliteek-argyf, krigen wy in pear jier lang it bûsboekje yn it krystpakket. Hiel handich. Op in stuit wie myn adresseboekje lykwols fol, dat ik skille nei redaksjelid Reitse Jonkman as er noch in apart adresseboekje te lizzen hie.“ Wis wol. „Dêrnei frege er oft ik it sit nimme woe yn 'e redaksje.“ Minke Dooper sei ta. „De ear-

dat allegearre te digitalisearjen. Ek hie se der hân yn dat de âlde siswizen foar it grutste part oer board goaid waarden. „Ja, dat frounfreonlike yn in soad fan dy siswizen stie my ek tsjin. Yn de nije bûsboekjes silst dy dan ek net mear fine. Wol wize wurden fan skriuwers of filosofen of útspraken/siswizen dy't te krijen hawwe mei de tematyk.“

Yn dit Bûsboekje 2012 steane der partij: 'it sil fannacht wer ta bakke' (betsjut 'fûl frieze'); 'De bak-

ker krûpt troch de oven' (betsjut: fallyt). 'Earst it iten, dan de moaal', in ferneamde útspraak fan toanielskriuwer Bertold Brecht of Wim Kan: 'Sûkses is in taart dêr't elk fan mei-ite wol, mar as it op is sjochst gjinien'. Wisten jo nammers dat it wurd 'koek' oerlevere is út it Aldfrysk en Aldkingelsk. It wiene platte, rûne en hurdbakte pankoeken. Maklik om mei te nimmen, mei huning derop soene se hearlik smeitsje. Yn Bûsboekje 2012 stiet ek in stik

fan Wieke de Haan. Sy skriuwt oer spesifyk ytgedrach fan Friezen. Dêrnei wurde trije bakkers ynterviewd, steane der twa bakkersudoku's yn en in tal Fryske koeke en koekjeresepen.

Sosjale media

Oft der noch wol plak is foar bûsboekjes yn it digitale tiidrek? „De sosjale media bliuwt in punt fan omtinken. Tagelyk bliuwt der plak foar it papieren bûsboekje, merke wy,“ seit Osinga.

Dit jier binne der wer 4500 eksimplaren yn eigen behear printe dy't by de boekhannels en in tweintichtal bakkers lizze. „Krekt wat minder as foarige jierren, mar wy merke spitigernôch de gefolgen fan it fuortfallen fan de Kroadeaksje fan It Fryske Boek. Tagelyk binne der dit jier alwer twahûndert bûsboekjes oanfrege om yn it krystpakket te dwaan.“ De redaksje, dy't sûnt ferline jier ûnder de flage fan de Ried fan 'e Fryske beweging wurket, hat no



Bûsboekjes troch de jierren hinne. Foto: Frans Andringa

Wy merke spitigernôch de gefolgen fan it fuortfallen fan de Kroadeaksje

ste kear krige ik in mansk pak papier taskood dêr't alle wiken yn útskreaun wiene. It wie myn taak om de feestdagen en bysûndere betinkingsdagen der mei de hân yn te skriuwen, sis mar it agendarium. Ek it kalendarium en de sprekwiizen moasten der hânjittich yn opskreaun wurde. Dat pak waard dan úteinlik ynsand en printe.

Frounfreonlike
Minke Dooper, ûndertusken funksjoneel behearder fan digitale dossiersystemen by de Frieslandbank, wie de oanjeier om

Skiednis fan it Bûsboekje

It Bûsboekje is al sûnt 1978 in begryp yn Fryslân. Man fan 'e earste oere is Durk van der Schaaf, biologysk boer yn Bitgummole. Hy siet yn de santiger jierren yn de propagandakommisje fan it Kristlik Frysk Selsskip. Fan doel om der út, hie er noch ien foarstel: in bûsboekje útjaan, hielendal yn it Frysk. It soe neffens him in prachtich taalbefoarderjend ynstrumint wêze. „Sa'n aginda krije jo alle dagen ûnder eagen. Dêrnei wurdt Frysk in fanselsprekkendheid.“ Eltsenien wie entûsjast oer it idee. „It wie in bloedigen wurk, alles moast opset wurde. Wy woene it net allinnich in aginda wêze litte, mar ek wat sjen litte fan de kulturele rykdom

fan 'e provinsje.“ Sa kamen der in aktueel oersjoch fan Fryske ynstânsjes yn, Fryske plaknammen, bysûndere dagen en siswizen. Sa út en troch in adresseboekje achteryn, like ek handich. Tagelyk moast it boekwurkje artistyk ek bylke. „Lybrich Andringa hat dêrby fan grut belang west.“ Uteinlik waard besletten it bûsboekje yn eigen behear út te jaan. „It finen fan in útjouwer hie lykwols hiel wat fuotten yn 'e ierde. Fan it haadbestjoer hiene wy in bydrage krigen om it projekt op te setten, tagelyk siet der noch wol in risiko yn.“ It bûsboekje krige dat earste jier aardich wat publisiteit en de oplage fan fiif tûzen rekke útferkocht. „It jier

dêrop stie de *Leeuwarder Courant* oan 'e doar om te freegjen oft de twadde útjefte ek in mienskiplike útjefte wurde koe. Uteinlik gie der redaksje der net yn mei: „Sy woene in twatalich bûsboekje, wy woene it perfoarst ientalich hâlde.“ It jier dêrop kamen der twa boekjes út, it Bûsboekje fan it KFS en de twatalige aginda *Stek* yn 'e bûs fan 'e *Leeuwarder Courant*. „Dat is lykwols mar by ien kear bleaun. Hiene wy de aginda wol mei harren útjûn, bin ik bang dat it mei it Frysktalige bûsboekje ek op 'e non rekke wie.“

i Bûsboekje 2012 kostet 6 euro en is te besetten by boekwinkels, guon bakkers en fia ynternet: www.frysk-busboekje.nl

Alle doarpen hat wol in 'Looft den Heer', seit Rients Gratama sa moai

noch sa'n 120 eksimplaren efter de hân. „mar wy geane der fan út dat wy dy allegearre kwytrettsje“.

It tema foar bûsboekje 2013 is ûndertusken ek bekend: blaas-muzyk, oftewol: Harmony, Fanfare en Brassband. Durk Dam, foarsitter fan de Christelijke Bond van Muziekverenigen in Friesland, stiet de redaksje by as gastredakteur. De redaksje hat hege ferwachtings. Dooper: „Alle doarpen hat wol in 'Looft den Heer', seit Rients Gratama sa moai. Fan in bûsboekje mei dizze tematyk sil grif ferlet wêze.“